

Ynhâld

Redaksjoneel

Rely Jorritsmafûns ûnder nij bewâld

John Bosma
Au

Paul van Dijk
Kintsugi foar in diggelbast

Edwin de Groot
Sa as di wynd fan dae vlkenum wayde,

Sipke de Schiffart
In bysûndere moeting

Margreet de Jong
It weagjen fan de see

Lomme Schokker
It weagjen fan de see

Koos Tiemersma
De ereksje fan in oar

Oer de skriuwers

Sjueryferslach Rely Jorritsma-priis 2018

Redaksjoneel

Hjir leit wer it jierlikse *Ensafh*-nûmer mei de priiswinnende ferhalen en gedichten fan de Rely Jorritsma-priisfraach foar jo. Der is al wat feroare. Yn it foarste plak dit: dat de gemeente Littenserdiel net mear bestiet en it bestjoer fan de stichting oergongen is nei de gemeente Ljouwert. It hoe en wat wurdt yn it foarwurd by dit nûmer, 'Rely Jorritsmafûns ûnder nij bewâld'.

It twadde is dat it fûns jierrenlang ek in priisfraach foar de jeugd fan 12 oant 18 útskreaun hat, de Junior Rely. Mei yngong fan dit jier bestiet dy priisfraach net mear.

Fiif winners binne der dit jier, twa dichters en trije ferhaleskriuwers. En allegear ha se al earder ien as mear kearen in Rely-priis wûn. It is fansels spitich dat der gjin nij gesicht by is, mar mei 36 ynstjoerde gedichten en 27 ferhalen binne der dochs moai wat lju dy't der foar gean om yn it Frysk te skriuwen. Dat is winst foar it Frysk en de Fryske literatuer. Dat dit jier bliken docht dat it net daliks tafalt om betûfte auteurs foarby te kommen is foar de net-winners in útdaging.

Piter Boersma

Rely Jorritsmafûns ûnder nij bewâld

Foar de fjirde kear is it bestjoer fan it Rely Jorritsmafûns oergien yn oare hannen. Aurelius Hotze Theodorus Jorritsma, op 11 febrewaris 1905 berne te Jellum en op 1 oktober 1952 ferstoarn te Ressen by Nijmegen, hie it by testamint sa betocht: 'Ik wens bij deze op te richten de stichting "Rely Jorritsmafonds", gevestigd in de Gemeente Baarderadeel. Als kapitaal voor deze stichting zal gelden mijn gehele nalatenschap. Ik benoem deze stichting daartoe tot mijn enige en algehele erfgename. Het doel van de stichting is het bevorderen van de Friese letterkunde. Het bestuur van de stichting wordt gevormd door het bestuur van "de Fryske Bibleteek" en zo deze niet meer bestaan mocht door Burgemeester en Wethouders van de Gemeente Baarderadeel of welk openbaar lichaam daar ooit voor in de plaats mocht komen. Het bestuur zal gemeld doel nastreven door het netto inkomen van het fonds te bestemmen als prijs voor twee, ieder jaar in te stellen prijsvragen voor Friese letterkunde, te weten één prijsvraag voor vrije Friese gedichten (..) en één prijsvraag voort beknopte verhalen in Fries proza (zogenaamde schetsen) (..).'

Rely hie dus net allinne foarsjoen dat de Fryske Bibleteek net it ivige libben hie, mar ek dat de gemeente fan syn berteplak Jellum wolris weryndield wurde koe. Yn 1979 waard de feriening De Fryske Bibleteek opdoekt en krige it kolleezje fan de gemeente Baarderadiel it bestjoer oer it Relyfûns. Doe't yn 1984 Baarderadiel mei Hinnaarderadiel fusearre, gong it bestjoer oer nei b. en w. fan de nij ûntstiene gemeente Littenseradiel.

Mei it op 1 jannewaris fan dit jier opgean fan dy gemeente yn trije buorgemeenten, moast foar de fjirde kear de wil fan Rely folge wurde en ferhuze it fûns nei Ljouwert. Dat lei yn 'e reden om't Rely's berteplak Jellum ek nei de gemeente Ljouwert gong lykas noch njoggen doarpen fan it âlde Baarderadiel.

Ljouwert respektarret de rike tradysje fan de priisfraach, dy't noch alle jierren fertuten docht foar de Fryske literatuer, mar om't de gemeente, dy't no ek Ljouwerteradiel omfiemet, mear as tolve kear safolle ynweners hat as Littenseradiel hie – 123.000 – hat it kolleezje fan b. en w. ek wol mear as tolve kear safolle oan 'e holle. Dêrom liket it har de baas en lis de útfiering yn hannen fan de Stifting FLMD, dy't fertroud is mei it stypjen fan projekten en útjeften op it

Frysk literêre mêd. Dêrmei is de takomst fan de Rely Jorritsmapriisfragen feilich steld. It FLMD-bestjoer leit jierliks ferantwurding ôf oan it kolleezje, dat alle jierren fertsjinwurdige wêze sil by de priisútrikking, dy't lykas wenst ek yn it 'âlde Baarderadiel' hâlden wurdt – yn 'e regel de earste sneon fan oktober.

Wy tidigje op in fruchtbere gearwurking mei it FLMD-bestjoer en op rike rispingen.

Ut namme fan it kolleezje fan b. en w. fan Ljouwert,
Sjoerd Feitsma, wethâlder fan kultuer